

JONGEREIN TOANIEL

FUORT MAR LOS



SNEON 4 APRIL 2015 OM 19.15 OERE

YN NOFLIK EASTEREIN

TAGONG € 2,50 (FOLWOEKSENEN € 5,00)

Ferslach toanielseizoen 2014-2015

It begjin

It toanielseizoen fan it jongereintoaniel is op 29 oktober 2014 fan start gien mei in gesellige jûn: we hawwe de dvd fan it ôfrûne seizoen mei elkoar besjoen. It wie al efkes spannend oft we dit jier wol in stik foar jongerein del sette koenen, om't fan de 14 spilers guon harren wer ôfmelden hienen foar dit seizoen. Jitske Veldman en Rémon Bouma koenen dit seizoen net meidwaan om't se beide mei it folwoeksenen toaniel mei dwaan soenen.

Mei noch mar 4 spilers op papier, waard it al wat krityk... gelokkich kamen der noch 2 oanmeldings by, en koenen we mei 6 bern fan start mei it jongereintoaniel. De bern dy't kamen by de repetysje jûn wienen sa entûsjast, dat se dit seizoen wol hiel graach troch gean litte woenen.



Teksten skriuwe en repetearje

Doe kaam it idee om in ienakter as reade tried te brûken en derneist stikjes derby te skriuwen. De titel fan de ienakter 'BERN BOPPE', de sênes en teksten waarden dus gruttendiels troch de spilers sels betocht en skreaun, de reade tried wie basearre op in stik fan Jan Hager. It stik spilet him ôf yn 2025, en giet oer in omkearde wrâld... hjiryn binne bern de baas, en binne de rollen omdraait, sa hawwe âlders húsarrest en wolle bern graach in heit adoptearre. En mei de wrâld giet it dan fansels in stik better, as bern de baas binne. Yn it stik is ek in twilling betocht sadat der wat ôfwiksele wurde kin en se elkoar wat oanfolje kinne troch elkoars sinnen ôf te meitsjen. Fierdersoan spilet it him ôf yn in tige modern hûs, mei in skerm en in ôfstânsbetsjinning. It stik waard troch Friek Kosse regisseur, hjiryn waard se eltse wike by stien troch in bestjoerslid fan de jongereinkommisje. Ria Dijkstra wie ynstekster tidens de lêste repetysjes, de generale en fansels tidens de foarstelling.

Fanôf novimber wienen 6 spilers – Geeske de Vries, Anneke van der Werf, Ima Algra, Elbrich Bouma, Sydrik Kooistra en Machtelt Veldman – dwaande mei de repetysjes, op woansdeis fan 18.30-20.00 oere.

De rolferdieling fan BERN BOPPE

✓ Sjoernaal lêzer	Ima Algra
✓ Jikke	Geeske de Vries
✓ Jurjen	Sydrik Kooistra
✓ Mem fan Jikke en boargemaster	Anneke van der Werf
✓ Jildau twillingsuster fan Fardou	Elbrich Bouma
✓ Fardou twillingsuster fan Jildau	Machtelt Veldman
✓ Nienke Nauta fan it Adopsjeburo	Ima Algra
✓ Adopsje heit	Sydrik Kooistra

Nei Omrop Fryslân

Op 24 maart 2015 hat Friek in ôfspraak makke mei Jouke Algra (de heit fan Ima) en Wybo Grimmius. Om 18.00 oere binne de jongerein spilers fan Fuort Mar Los wolkom yn de studio fan Omrop Fryslân. Hjir sille opnamen makke wurde foar it sjoernaal (Ima), de twa Skype sênes (Anneke) en it harkspul fan de twilling Elbrich en Machtelt. We hawwe op dizze sênes goed oefene, foardat we nei de studio gienen, want it is de mannen fan Omrop Fryslân harren eigen tiid en se dogge it fergees. De tiidsplanning wie fan 3 ketier oant oardel oere, mar dan soe it hiel let wurde foar de bern. Dus we binne alle stikken goed troch rûn wat opnommen wurden moast, se krije 2 kânsen (sadat it wat liket op hoe 't it der yn 'e studio oan ta gean sil). De earste is foar proef, dan noch efkes de teksten trochnimme en de 2e opname is ECHT... En it hat fertúten dien, it stie der samar goed op... de jongerein krigen sels in kompliment dat it sa goed gie!



De generale repetysje wie op woansdei 1 april. Op sneon 4 april om 19.15 is Bern Boppe opfierd. De teksten sieten der by alle jongerein goed yn en it toanielspul gie goed. De spilers

wienen goed op elkoar ôfstimt en dêrtroch slúten de opkomsten moai op elkoar oan. De opnamen mei Skype wie ek hiel knap dien. It harkspul siet ek goed yn elkoar, spitich wie dat de bern yn ferhâlding minder lang op it poadium te sjen wienen. Want de rol fan de twilling wie wol hiel knap en siet goed yn elkoar. De ôfwikseling fan technyk, kompjûter, Skype en sjoernaal en it spyljen siet goed yn elkoar, it wie hiel ferrassend wat der allegearre barde. De foarstelling is hiel goed besocht: der wienen ûngefear 150 folwoeksenen en bern oanwêzich. Fanút it publyk wienen der tige entûsjaste reaksjes. Der binne 5 nije oanmeldings foar it nije seizoen 2015-2016. Kompliminten oan de regisseur, it is geweldich wat Friek mei de bern delsetten hat.



Ljocht en lûd gienen goed ûntanks de (te) koarte repetytsjetiid. No wie yn alle gefallen goed te sjen hoe geweldich de spilers smynkt wienen. It dekor wie ienfâldich; net te folle op it toaniel, alles yn it swart en wyt, mei hjir en dêr in read aksint. Troch gebrûk te meitsjen fan ferskillende kleuren ljocht waard de kreative sfear kreëarre. Op ljocht en lûd en it dekor kamen fan ferskate kanten positive reaksjes.

En net te ferjitten! Der moast fansels de oare deis ek oprotte wurde. Op snein om 13.00 hawwe Friek, Joyce, Baukje, Theo, Gerlof, Thom, Siebolt, Jan Bouke en Akke it dekor wer

ôfbrutsen en alle dekorstikken en rekwisiten opromme. It wie in moai toanielseizoen en de kofje nei ôfrin wie dik fertsjinne!



Meiwurkers útfiering jongerein toaniel 2014-2015

Jan Bouke Bouma – muzyk

Elisabeth Breeuwsma - film

Paul de Bruin - fotografy

Siebolt Bouma – dekor, kleding, begelieding en presintaasje

Gerlof Dijkstra – dekor

Ria Dijkstra – ynstekster en kleding

Talitha Dijkstra – grime

Wibo Grimmius – film- en gelûdsopnamen

Afke Heida - grime

Baukje de Jong – kassa en begelieding

Theo de Jong – ljocht en lûd, dekor

Joyce Kerstens – kassa

Friek Kosse – regy, einredaksje en ljocht

Boudewijn Kramer – dekor

Halbe Overal – film

Akke Veldman – PR, einredaksje, kompjûterstim en begelieding

Jitske Veldman – presintaasje

Thom Veldman – dekor





toanielferiening
FUORT MAR LOS
Easterein

Famylje Bruinisma yn 'e bocht

Groetnis
fan de
Veluwe

Freed 6 maart 2015 19:00 oere
Sneon 7 maart 2015 20:00 oere

Lokaasje: Noflik Easterein
Tagong : €7,50 (bern €3,00)

It ferhaal:

Swaanswyk is in famylje fan goeie komôf. De by harren ynwenjende beppe hat de 1^e priis wûn mei in kryptogram. De priis is in wike fakânsje. Dat blykt yn in caravan op de Veluwe te wêzen. Kampearje is foar dizze minsken dy't in lúks libben hawwe in hiele nije erfaring en se hawwe dan ek de grutste muoite om harren oan te passen.

Dat jildt net foar de famylje Bruinsma, dy hat dit wol faker by it ein hân.

Mei sokke tsjinstellings kin gehakketak tusken beide famyljes dan ek net útbliuwe.

Personaazjes:

Sjirk Bruinsma	: Haad fan it gesin	<i>Tjerk Okkema</i>
Tryn Bruinsma	: Syn frou	<i>Karin Sjaarda</i>
Bôte Bruinsma	: Harren soan	<i>Rémon-Tie Bouma</i>
Jan-Hein Swaanswyk	: Haad fan it gesin	<i>Berend Santema</i>
Mathilda Swaanswyk	: Syn frou	<i>Akke Veldman</i>
Clarissa Swaanswyk	: Harren dochter	<i>Jitske Veldman</i>
Beppe	: Mem fan Mathilda	<i>Rigt Bergsma</i>
Michiel Hulst	: Kampingmeiwurker	<i>Siebolt Bouma</i>

Rezjy	: Sybe van der Ploeg
Rezjy-assistent	: Ria Dijkstra

Kaarten en frijkaarten :

De tagong is € 7,50 foar folwoeksenen en € 3,00 - foar bern. De kassa is in heal oere foar de foarstelling iepen. Eltsenien dy't gebrûk makket fan de automatyske oerskriuwing kin fanôf dan de frijkaart(en) ôfhelje.

Op sneontejûn is der ek in ferlotting mei leuke prizen!

Oant sjen op freed 6 as sneon 7 maart!





Tige slagge toaniel- útfieringen!!

Goed 250 minsken hawwe de foarstelling "Famylje Bruinsma yn'e bocht" sjoen. Oan de measte reaksjes te hearen wie it tige slagge. Wy wolle eltsenien tank sizze die holpen hat yn hokker foarm dan ek! Tige tank en oant oar jier.



ps. Op 28
novimber
sille de

famyljes mei syn allen nei in
konsert fan Frans Bauer ;-)

De foarstelling waard mei mooglik makke troch:

Drukkerij van der Eems
Noflik Easterein
Walinga Tuincentrum en
Hoveniersbedrijf
Elephant off Road EQ
Gebr. Vellinga int.
Mechanisatiebedriuw BOS
Altac
Couperus Hydrauliek
Handelsonderneming
H.Stoffelsma
Autobedrijf Witteveen &
Brouwer
't Kniplokaeltsje
Sporthal De Greidhoeke
Posthuma Skildersbedriuw
Willy Sijbesma fotografie
Tuincentrum Gaardenier
Bike Totaal De Jong
DA Fizel Drogisterij
Installatiebedrijf De Jong
Jumbo Supermarkten
Sandstra Mesthandel, Transport &
Stalling
Bakkerij Posthuma
Murk's Slagerij
A&M Lifestyle
It Reade Hynder
Wheagan Multicarservice
Leanbedriuw Okkema
Metzstyle kapsalon en
visagie
Amaranthus Beauty & Care
Warenhuis Van der Velde

Foar yn de aginda:

4 april útfiering jeugdtoaniel